

Moard yn 'e stoarm

Kolofon

ISBN: 978 94 6365 900 0

1e druk: 2026

© 2026, Meindert Bylsma

Utjouwerij Elikser

Ossekop 4

8911 LE Ljouwert

www.elikser.nl

Printwurk: CSL digitaal B.V.

Foarmjouwing binnenwurk en omslach: Evelien Veenstra

Foto omslach: Annie Bylsma

Utjefte fan dit boek waard mei mooglik makke troch de provinsje Fryslân
provinsje fryslân
provincie fryslân 

Neat út dizze útjefte mei fermannichfâldige wurde, opslein yn automatisearre gegevensbestannen en/of iepenbier makke troch middel fan print, fotokopy, mikrofilm of op hokfoar oare wize ek, sûnder foarôfgeande skriftlike tastimming fan de skriuwer en de útjouwer.

This book may not be reproduced by print, photoprint, microfilm or any other means, without written permission from the author and the publisher.

Moard yn 'e stoarm

Meindert Bylsma



1.

Brigadier-resjersjeur Liuwe Bekkema en haadplysje-resjersjeur Lukas Roosjen hawwe gjin grutte saak ûnder hannen. Se skaaie wat yn har papieren om en tamtearje har kompjûters. Burowurk is net har grutste hobby, mar it heart der no ien kear by. Yn in lammenadige bui mei it ferstân ûnder nul, tinke se wolris stikem: wie der no mar in moard bard, dan hienen wy teminsten wat nuttichs te dwaan. Dat sille se noait lûdop sizze, sels net yn in hite hei. It soe kant noch wâl reitsje, igge noch seame roaie, it soe fier en noch fierder by alle kanten, wâlen, iggen en seamen del wêze. Sa dat sil no wol dúdlik wêze. Mar ja!

De beide mannen wurkje al hiel lang gear, mar binne hiel ferskillend fan ynslach. Bekkema is ien fan bliuw mar moai mei beide skonken op 'e grûn stean, Roosjen is wat filosofysker oanlein, wat boartliker ek. Soms smyt er ynienen in gedicht op it aljemint. By him kin der soms samar wat út syn brein sjitte dat mei de saak dêr't se mei dwaande binne neat te krijen hat. Gauris ergeret Bekkema him dêr oan. Mar ek wol lit er him eefkes meifiere yn Roosjen syn breinreiskes en dan kin it betoare dat er op plakken bedarret dêr't er út himsels noait komme soe. Nei ferrin fan tiid komme se fansels wol wer yn 'e werklikheid fan alle dagen werom. Dat hat er yn 'e rin fan 'e tiid wol leard. Nettsjinsteande de lytse kribbekeurichheidsjes en lytse stekjes ûnder wetter sa no en dan, se kinne as de blommen. Se wurde op it buro dan ek 'De blomkes' neamd.

Roosjen hat gjin sittend gat. Hy komt rillegau fan syn burostoel oerein en giet foar it rût stean. It is mids septimber. De beammen stean noch fol yn it blêd. Dat sil wol net sa lang

mear duorje. It waarglê sakket. It wurdt kâlder. De wyn hellet hieltyd mear oan en de loft stiet as in brijwein. It siket om hjerst.

‘Soe der stoarm op komst wêze,’ seit Roosjen mear tsjin himsels as tsjin Bekkema. Mar dy reagearret wol.

‘Hoe sa?’

Roosjen wiist op it gersfjild njonken it buro.

‘Sjochst al dy seemokken dêr wol? Dy hearre dêr net, dy soenen har heil by see sykje moatte, mar ja, as de Harnzer boargers it lân yn lûke, is der stoarm op komst seit in âlde folkswiisheid.’

In skoftke sizze se neat. Roosjen sjocht nei bûten en Bekkema sit syn kompjûter op ’e hûd.

‘As de wyn noch fierder oanhellet, rint dy beam aanst gefaar,’ seit Roosjen dan ynienen en wiist nei in kastanjebeam oan ’e râne fan it gersfjild.

‘Man, wat kin my dy beam skele,’ ropt Bekkema in kromke noartsk. ‘Dy beam hat wit ik hoefolle stoarmen al treast west, hoe soe dy no ynienen belies jaan. En wat dan noch!’

‘Mei al dy blêden der noch oan fangt er in soad wyn,’ giet Roosjen ûnfersteurber lûdop fierder mei syn prakkesaasjes. ‘Hasto wolris in beam west, Liuwe?’

‘Wat is dat no foar in healwize fraach! Ik freegje dy dochs ek net: hasto wolris in dakpanne west, in bierglês of in koalrûp?’

‘Tsjongejonge, wat binne wy hjoed skrandere. Samar eefkes de poatsjes fan ’e grûn mei sa’n antwurd. Mar om dy gerêst te stellen: nee ik haw noch noait in dakpanne west, noch noait in bierglês en ek noch noait in koalrûp. Mar ik ha wolris in beam west.’

‘Dus dêrom dy noed mei dy kastanjebeam! Do hast wolris

in beam west. Do kinst dy ynlibje yn dy beam, meifiele of, om it ris deftich te sizzen, do bist beam-empatysk. Ik soe mar oppasse as ik dy wie, aanst moatte jim noch tegearre nei it sikehûs, hy mei in brutsen tûke en do mei in brutsen gefoel.'

Roosjen fielt it stekje uteraard wol, mar lykas de oanboazjende wyn bûtendoar, waait er net te kearen entûsjast fierder mei syn beamferhaal. Bekkema skoddet de wize holle en lit him mar eefkes útwaaie.

'Do silst it wol net leauwe, Liuwe, mar ik ha net ien beam west, ik haw in hiel soad beammen west. Ik haw by wize fan sprekken alle soarten fan beammen wol west. Better sein, ik ha se spile, op skoalle, yn toanielstikjes. Elkenien moast in rol ha. Haadrollen sieten der foar my net yn. Dêr sil juffer my wol ûngeskikt foar fûn ha. Te ûngeduerich, sil se wol ornearre ha, of miskien ek wol net snoad genôch. Dus moast ik my útlibje yn byrollen, yn dekôrrollen sis mar. Sa haw ik wolris in jonge linige beam west, in krebintige âlde beam, in fleurige beam, in tryste beam, in gnodzige stobbewylch, in kûtsebeam fol beikes, behongen mei papieren roaskes wie ik in bloeiende beam, drapearre mei in slinger fan ljochtsjes wie ik in krystbeam. Soms moast ik wyld mei de earmen slaan, dan wie ik in beam yn 'e stoarm. Mei in stikmannich oaren stie ik ek wolris in bosk te stean. Meastal hie ik yn dy rollen gjin tekst, mar in inkele kear wol, dan moast ik rûze en risselje, benammen as ik in popelier wie yn in myld maitiidswyntsje. Us juffer betocht hieltyd wer nije toanielstikjes.'

Oanstutsen troch Roosjen syn beamferhalen begjint Bekkema ek te fertellen.

'Wy hienen sa'n juffer net,' seit er dan, 'wy moasten stilsitte en tafels opdreune. Dy binne der by my yndruid en

dy sitte der noch. As immen my midden yn 'e nacht wekker meitsje soe en sizze: “één keer zeven is zeven”, dan soe ik by wize fan sprekken noch heal yn 'e sûs dy tafel fan sân sûnder mankearjen ôfmeitsje: twee keer zeven is veertien, drie keer zeven is éérentwintig, vier keer zeven is achtentwintig en sa fierder. En dan soe ik my omdraaie om wer fierder te sliepen.

Wy moasten tusken de lyntsjes skriuwe en net bûten de lyntsjes kleurje, wy moasten sommen meitsje op rútsjepapier, wurdjes oplêze dy't juffer op it boerd skreaun hie en mei in stok oanwiisde. Wy learden ek ferskes, dat fûn ik moai. Oer in stoker en in masinist bygelyks. In pear kûpletten fan dat ferske binne my bybleaun. Ik sil se mar net sjonge, mar ik kin se wol opsizze.

“De stoker en de machinist,
die hebben de trein,
die hebben de trein,
de stoker en de machinist,
die hebben de trein gemist.

Ze dronken samen op de stoep
een kommetje hee,
een kommetje hee,
Ze dronken samen op de stoep
een kommetje hete soep.”

En dan mis ik in pear kûpletten, mar it lêste kûplet wit ik noch wol.

“En als die trein niet stil wil staan,
dan rijdt ie van a,
dan rijdt ie van a,

en als die trein niet stil wil staan,
dan rijdt ie vanavond nog.”

‘Moai, Liuwe!’ reagearret Roosjen, ‘sa learden wy in ferske oer kabouter Spillebeen.

“Op een grote paddestoel, rood met witte stippen,
zat kabouter Sillebeen heen en weer te wippen,
krak zei toen de paddestoel, met een diepe zucht
allebei de beentjes, hoepla in de lucht.”

Dat ferske songen wy dan ek yn it gymnastyklokaal en dan lieten wy ús krekt as kabouter Spillebeen op ’e grûn falle mei de skonken yn ’e loft. En juffer die ek mei. Dy lei krekt as ús op ’e grûn te spinfuotsjen.’

‘Wy dienen by gymnastyk “rek-trek-en-skeuroefeningen”. Dy die juffer dan foar en dy moasten wy neidwaan: “armen omhoog, omlaag, omhoog, omlaag.” Mar krekt foar de grutte fakânsje dienen wy apekoai. De jonges fan ’e heechste klasse hienen in sirkwy foar ús opboud. Apekoai, dat wie moai, dêr wie ik de bêste yn, se koenen my sawat noait krije. En sa dienen wy op skoalle fan alles. Mar in beam spylje, nee dat dienen wy net.’

Sit der in kromke fan spyt yn dy wurden bemjukse?

‘Witst wat,’ seit Bekkema dan ynienen, ‘foardat wy ús hjir in beam begjinne te fielen en hjir woartel sjitte, gean wy earst om kofje, echte kofje, net út in automaat.’

Op it parkearterrein by Oan it Waad, in strânkafee op peallen, har wenstige útflecht as se it op it buro net mear bankje kinne, stappe se út. De stoarmeftige wyn is oanboaze ta in echte stoarm. Se moatte de portieren fan ’e auto goed

fêsthâlde, oars wurde se har út 'e hannen skuord. De wyn gûlt om it strânkafêe hinne. Wynfleagen flappe oer de seedyk hinne en nimme fyn sân mei dat har feninich yn it gesicht slacht. Mei de earmen foar de holle moatte se har beskermje. It tou fan in flaggemêst kletst oanienwei tsjin 'e stôk oan. It makket ûnrêstich. Der sit wat fan driging yn.

Binnen is it smûk. Roosjen bestelt twa kofje en twa Bearenburchjes. As fêste KD-ers, KofjeDrinkers, krije se hjir gjin gewoan BB'erke, mar in BBBM'erke, in Bearen-Burchje-Boazumer-Mjitte, ien mei in kop. As se de kop derôf sloarpe hawwe en in slok kofje nommen hawwe, sitte se eefkes stil út it rût te sjen. In seemok besiket tsjin 'e stoarm yn te fleanen en koppich koers nei see te setten. Hy rêdt it net op, jout belies en saait oer de seedyk hinne it lân yn. De loft is griis. Yn 'e fierte boppe see wjerljochtet it út en troch.

'Een schelle schicht,' seit Roosjen heallûd.

'Wat beëamelest dêr allegearre?' reagearret Bekkema.

'Beëamelje? Man, dat is it begjin fan in ferneamd gedicht út 'e njoggentjinde iuw: "Een schelle schicht schoot schichtig uit den hoogen, en sloeg mij."'

'En doe wie it dien, fansels.'

'Dien? Wêrmei wie it dien?'

'Mei de dichter, wat oars! As dy "schelle schicht" fan dy him rekket, dan oerlibbet er dat grif net.'

'Man, man, wat is dat no foar praat. Der sit ek gjin grevel gefoel foar poëzij yn dy. Yn 'e njoggentjinde iuw beswyme se dan en wurde justjes letter wer wekker. En dan sjogge se "de lucht geschraagd door duizend kleurenbogen" en dêrboppe stiet dan de "Jonkvrouw" dêr't de dichter, yn dit gefal Jacques Perk, fereale op is, mar dy 't neat fan him witte wol. Hy neamt har Mathilde.'

'O, sit it sa,' spytgnysket Bekkema.

Roosjen skodhollet om sa'n dichterlik ûnferstân. Se falle wer stil en sjogge wer in skoftke nei bûten. It is opkommend wetter en de wyn is oan. Skomkoppich jeit de stoarm it wetter foar him út, reinwetter kletst tsjin 'e ruten.

'Swiet wetter,' seit Roosjen, 'mar it seewetter is sâlt. Witsto wol, Liuwe, hoe't it seewetter sâlt wurden is?'

'Sis it mar, Lukas,' seit Bekkema royaal.

Net hielendal des Bekkema's, om Roosjen samar, sûnder earst yn 'e kont te hingjen, dy romte te jaan. Hy reagearret suver in bytsje prozaysk. Om sjen te litten dat der dochs wol wat dichterlik gefoel yn him sit?

'Lit, sa't bûtendoar de sânkerrels oer de dyk saaije, de sâltkereels mar fan dyn hurde skiif ôf waaie, Lukas.'

Roosjen sjocht him fernuvere oan en pakt it sâltferhaal wer op.

'Yn grutte halen komt it hjir op del, Liuwe: yn in soad grûnsoarten en stiensoarten sit sâlt. Hiel lang lyn losten lytse bytsjes dêrfan op yn it reinwetter. Foar in part bedarre dat yn 'e rivieren. Dy streamden út yn 'e seeën. Ek yn 'e boaiem fan 'e see sels siet sâlt. Ek dat loste op en bedarre rjochtstreeks yn it seewetter. Underseeske fulkanen en skuorren yn 'e grûn spuiden magma út. Dat bestjurre ta lava. Ek dêr siet sâlt yn en ek dat loste foar in part op. Sa is de see yn 'e rin fan miljoenen jierren sâlt wurden.'

Bekkema lit it ferhaal eefkes op him ynwurkje.

'En no, Lukas,' seit er dan mei in glimke om 'e mûle, 'haw ik in probleemke. As wy sâlt wetter drinke, krije wy toarst. As wy dy net gau ferslaan, sille wy stjerre fan 'e toarst. Mar hoe sit it dan mei de fisken, mei de kwallen, krabben, skulpdieren, garnalen, seehûnen, haaien, walfisken en neam it hiele yn see libjende folkje mar op. Krije dy gjin toarst?'

'Bliksems, Liuwe, wat bisto hjoed snedich. Dat is no

al de twadde kear. En ik haw net iens in antwurd op dy skerpsinnige fraach fan dy, mar ik kom der op werom, dêr kinst fergif op ynnimme.'

'Ik nim leaver wat oars yn,' laket Bekkema en jit it lêste stealtsje Bearenburch út syn romer yn 'e kiel. 'Wat seist, Lukas, sille wy noch mar...'

Hy makket de sin net ôf. Syn telefoan spat dertusken.

'Dat wurdt gjin twadde bakje,' seit er, as er syn mobyltsje wer yn 'e bûse stekt. 'Wy moatte derop út.'